Ut dizze lêste konstruksje is sels in wurdkeppeling ûntstien mei de funksje fan in bynwurd: ‚*Omreden (dat)* er net yn 't bistjûr woe, bleau er dy jouns wei fan 'e gearkomste; *Utreden* dêrfan wurdt dizze heit-figuer, sjoen troch it dichtereach, net op leger niveau set' (De Tsjerne, '61).
Om de foarmen ‚reden' en ‚rede' hinne wreidet hjoeddedei noch alderhanne wurdforskaet. Men tinkt hjir alderearst oan ‚reedlik' dat alfolle ‚neffens de rede, strikend mei it forstân' bitsjut, mar as modael bywurd safolle sizze wol as ‚noch al, frij (goed)'. Yn 'e lêste funksje is it troch vokaelynkoarting ‚ridlik' wurden en troch gearlûking fierder forfoarme ta ‚rilk' en sels troch mouillearring ta ‚rjilk'. B.g. ‚Hoe giet it mei jo? Dat giet wol *rilk* (*ridlik*); Hy hie it wurk *rilk* (*ridlik*) gau ûnder de slach (yn skreaune foarm hjir wol ‚rillegau'); In dokter hat in *ridlik* (*rilk*) goed ynkommen'.
By de earstneamde bitsjutting bliuwt de lange vokael meastal bihâlden: ‚Wy moatte *reedlik* bliuwe en de dingen nimme sa't se binne; Wês dochs net sa *ûnreedlik* en jow dyn misset ta!' Sa ek: ‚Wy meije *reedlikerwize* net mear op winter rekkenje', hwernjonken mei koart vokalisme ‚ridlikerwize' foarkomt (fgl. ‚breedte' en ‚bridte', ‚heech' en ‚hichte', ‚weetlik' en ‚witte', ‚reek' en ‚rikje' e.o.).
In broedtsje út itselde nêst is ‚reedner', ‚redenearje', ‚redenearring' en ‚redenaesje', dêr't ek noch ‚redekavelje' en ‚redendiele' by hearre, allegearre foarmen dêr't ‚prate' as grounslach ûnder sit. It lêstneamde tiidwurd kin yn twa bitsjuttingen foarkomme: 1) ‚Der wurdt *fan redendield*, dat dy húshâlding nei Amearika sil (= der wurdt oer praet); 2) De leden *redendielden* meiinoar wol in ûre *oer* foroaring fan it reglemint' (= oer en wer reden ynbringe; fgl. Ned. ‚redetwisten').
Moai gongber is ek de foarm ‚redenryk' foar ‚praetsk, spraeksum': ‚Us molktaper is in tige *redenryk* man, dat hy forpraet syn tiid noch al ris'. Troch folksetymologyske ynfloeden ûntstien út Frânsk ‚rhétoricien' (fgl. Latynsk ‚rhetorica', wolsprekkendheit), is oer de skiif fan it Ned. „rederijk" ek yn it Frysk de foarm ‚rederiker' mei ‚rederikerskeamer' yn 'e swang kommen. Dat koe maklikernôch yn syn wurken gean, hwant in ‚rederiker' heart nou ienkear ‚redenryk' to wêzen.
Om de saek ôf to rounjen heart hjir noch it nou forâldere tiidwurd ‚reedzje' neamd to wurden, dat yn Waling Dykstra's tiden yn 'e Dokkumer en de Trynwâlden noch gongber west hawwe moat. It bitsjut ‚sprekke, prate, redenearje' en sil dus as in denominatyf fan ‚rede' opfette wurde moatte. B.g. ‚Ik hear, hoe't learde lju hjir *reedzje*' (fersrigel Auke Boonemmer). As jong skriuwer brûkte in Ferwerter as E. B. Folkertsma it wol, mar yn 'e folkstael hat it ús noait foar de fuotten roun, hwat fansels net sizze wol dat it hjir of dêr noch net bistiet.

83. FRIJENS, FRIJHEIT, FRIJICHHEIT

By it foarmjen fan substantiven troch de wei fan efterheaksels hat men yn it Frysk twa suffiksen dy't wol tige skrepsum fan aerd neamd wurde kinne. Om't hja somtiden, sûnder bitsjuttingsforskillen op to roppen, njonkeninoar brûkt wurde kinne, mar yn oare gefallen wer net, reitsje guon skriuwers wol ris yn tsjûk waer mei de krekte tapassing derfan. Wy doele hjir op 'e efterheaksels ‚-heit' en ‚-ens', dy't allebeide haedwurden foarmje, altyd de abstrakte kant neist, sa't b.g. to sjen is

,wierheit' en ,lilkens'. Beide wurdfoarmers binne al moai âld. Yn it Aldfrysk
[illegible] de earste foar as ,-hed' en ,-heid', in skriuwwize dy't jin yn 't sin bringt dat
[illegible] ûnderskiedt fan op 't heden (de *t* dus) fanwegen de meartalsfoarm ,-heden'
[illegible] in misstavering is, alteast as men de regel fan de oerienkomst prévalearje
[illegible] dy fan de útspraek. Wy skriuwe ommers ek ,reid' en ,gereid' mei in *d*,
[illegible] meartal ,reiden' en ,gereiden' is?
Wichtiger as dit skawankje oan 'e stavering is lykwols dat dit suffiks yn 'e sprek-
[illegible] ôfsliten is ta ,(h)yt', sa't to hearren is oan ,wierheit' of ,aerdichheit',
[illegible] Friezen réalisearje as ,wjir(h)yt' en ,adich(h)yt', in proses dat yn it
[illegible] gefal fan ,niget' (út ,ny-ich-heit') yn noch fierder stadium is, hwant
[illegible] de vokael alhiel toanleas wurden. Ek yn oanbuorjende Germaenske talen
[illegible] bisibbe foarmen, lyk as bliken docht oan Ingelsk ,brother*hood*', Dútsk
,Krankheit', Deensk ,Svag*hed*' en Ned. ,kinds*heid*', in miengermaensk suffiks dus,
dat yn it Gotysk noch allinne as selsstannich wurd ,haidus' foarkaem en dêr ,wize'
[illegible]

Ek ,-ens', wjergader en konkurrint fan ,-heit', hat by ús al âlde brieven. Men kin
it yn it Aldfrysk as ,-nisse' en ,-nesse' weromfine, dat der hat yn 't foarige in
[illegible] fan lûd pleats hawn. It liket oft yn 'e talen om ús hinne it suffiks him
[illegible] op fuotten hâlde kinnen hat, tominsten as wy it efkes hâlde by Ingelsk
darkness', Dútsk ,Finster*nis*' en Ned. ,duister*nis*', dy't fan itselde komôf binne.
Faansels bistiet ek by ús in biheinde wurdkloft mei it suffiks ,-nis(se)', lyk as to
[illegible] is oan ,tsjusternis, wyldernis, drôfenis, groetenis, tsjûgenis, finzenis, bigraf-
fenis, bilidenis, founis, bikentenis, skiednis, (skrifte)kennisse' en noch in mannich,
mar de measten binne gjin folkstaelfoarmen en hawwe in aerd fan ûntliening.
Opmerklik is ek, dat ,-nis' in pluralis ,-nissen' talit (b.g. ,wyldernissen, groete-
nissen'), wylst foarmen mei ,-ens' gjin meartal forneare.
Yn tsjinstelling mei ,-nis(se)' kin sein wurde, dat ,-ens' by ús noch altyd tige
produktyf is. Mei hûnderten wurden (adjektiven almeast) lit it him forbine ta
haedwurden, dy't hast altyd in abstrakt bigryp of eigenskip oantsjutte, sa't dat ek
by foarmen mei ,-heit' it gefal is. Hjirby falt it op dat ,-ens' in foarkar hat foar
grounwurden fan ien wurdlid, lyk as ,bangens, dommens, kreazens, lytsens, slûgens,
klomskens, moaijens' e.o. Hat it grounwurd mear syllaben, dan is substantivearring
mei ,-ens' net útsletten, mar de omgongstael jowt dan ,-heit' dúdlik de foarkâns.
Sa sil men by Waling Dykstra ,swiersettich*heit*' tsjinkomme nêst ,swiersettig*ens*',
,iensum*heit*' nêst ,iensum*ens*' en ,forjitlik*heit*' nêst ,forjitlik*ens*', mar de earste
foarmen set er meastal foarop, foaral by hegere bigripen. It is einliks frjemd dat
it Frysk-Ned. Wurdboek it krekt oarsom fortoant. Spilet hjir faeks distânsiear-
ringssucht njonken it Ned. mei ûnder, sa't sûnder mis by net to fêst yn har tael-
skuon steande skriuwers langer to observearjen falt, dy't sels in foarm ,ivigens'
oandoare y.pl.f. ,ivichheit'? Hat net in Frysk wykblêd it okkerdeis bistien en pro-
dusearje it wurd ,forjittelens', in misbaksel dat as ramplesant tsjinje moast foar
it Ned. ,vergetelheid'?
Yn syn ,Spraakkunst' fan 1889 seit Mr. Ph. van Blom ek in wurd oardeheal oer
it funksjeforskeel fan ús beide suffiksale foarmen. Hy ornearret: ,De woorden
op *-ens* vereenzelvigen zich met den persoon of de zaak, terwijl die op *-heit* meer
een begrip in 't afgetrokkene aanduiden.' Oft dizze ûnderskieding, dy't de lettere

biwurkers fan dizze grammatika wyslik en wol weilitten hawwe, altyd opgiet, stiet lykwols tige yn 'e kiif. Dat ‚-heit' abstrakta foarmet is wol klear, mar leit it lân mei ‚-ens' wol oars? Binne ‚tûkens, opsternatens, greatskens', alhoewol yndied sterk boun oan in persoan, minder abstrakt as ‚frijheit, minderheit, wissichheit'? En binne ‚hurdhearrichheit, loslivichheit, koartkearichheit' minder oan in persoan of ‚rottichheit, bjusterbaerlikheit, brânberheit' minder oan in saek boun?

Wol men deuner by de réaliteit fan it taelbyld komme, dan sil men by de fraech: hoenear ‚-heit' en hoenear ‚-ens'? net allinne de f u n k s j e, mar ek de f o a r m achtslaen moatte. It is net to ûntstriden, dat it Frysk foar s.n. ‚hegere bigripen' in foarkar sjen lit foar ‚-heit': ‚wierheit, wiisheit, frijheit, lykheit (égalité!), folheit (de folheit fan de tiden), heechheit, greatheit, sounheit, ivichheit, hillichheit, rjochtfeardichheit, sillichheit, godlikheit, seedlikheit, ûnfeilberheit, talitberheit, fanselsheit' ensfh. Mar dizze funksionéle kategory is fansels mar minmachtich tsjinoer de greate skaren wurden dy't sawol ‚-heit' as ‚-ens' talitte, sûnder dat it bitsjuttingsforskil opleveret, dus b.g. ‚manhaftichheit-manhaftigens, linichheit-linigens, skriemerichheit-skriemerigens, fornimstichheit-fornimstigens, earberheit-earberens, ytberheit-ytberens, breklikheit-breklikens, sjongsumheit-sjongsumens, wurkleasheit-wurkleazens'. By dizze forméle kategory, hwerby it grounwurd bistiet út in mearwurdliddige, ôflate foarm, moat lykwols in tendins yn it spraekgebrûk konstatearre wurde, dy't de foarmen mei ‚-heit' in reed yn 't foar jowt, sa't niis al opmurken is.

De foarkar foar ‚-ens' by monosyllabige grounwurden, niis ek al neamd, bliuwt fan krêft as him in préfiks ‚ûn-' foar dat grounwurd skikt, sa't to sjen is oan: ‚ûngevens, ûnhuerens, ûnfrijens, ûnsjoggens, ûndjippens, ûnechtens' e.o. Itselde jildt foar it ûnproduktive ‚wan-': ‚wankantens, wanwizens, wanfryskens'.

Ek adjektiven útgeande op *en*, *er* en *el* hawwe in swak foar ‚-ens', sa't bliken dwaen kin oan: ‚dimmenens, mijenens, houtenens; meagerens, digerens, snipperens; himmelens, gammelens, brûkelens, mûtelens'. Hwat de lêste foarm oangiet, falt it gebrûk yn fersrigels as: ‚Praet mei de boer, mar luorkje nei de faem, / Taksearjende tomûk har *mûtelheden*' (G. N. Visser) wol alhiel bûten it gewoane en normale.

Foarkar foar ‚-ens' hawwe ek sûnder mis alderhanne adjektiven dy't fan mulwurden ôfstamme: ‚forheardens, forbounens, folsleinens, foldienens, fynynleinens, bisibbens, efterhâldenens, meigeandens, neigeandens' e.o. Yn analogy hjirmei ek: ‚bitûftens, oerstjûrens, oerdwealskens, útskroevenens, ûnbikwamens' e.o.

In nijsgjirrich hoekje fan it taelfjild komt bleat as men de funksionéle forskillen ris neigiet dy't har by tapassing fan ‚-ens' en ‚-heit' op ienselde grounwurd soms oppenearje. B.g. ‚heech': ‚Fan *hegens* skeelt dat kninehok net alles, mar it is to smel; Syn Keninklike *Heechheit* de Prins hâldde in radiorede'; ‚great': ‚Us Jan syn *greatens* hâldt net oer, mar hy is goed dûbeld; De boerinne rekke suver fan 'e wize mei al dy *greatheden* op it hiem (= foarname lju); Yn it ûnwaer sprekt Gods *greatheit*'; ‚soun': ‚Dou moatst better om dyn *sounens* tinke; Oerfloedich libbenswiet, *sounheit* en tier (H. S. Sytstra); Yn Fryslân is in *Sounheits*tsjinst foar it Fé'; ‚frij': ‚Hwat mear *frijens* yn 't praet soe dat bleuë fanke net misstean; Har persoanlike *frijheit* hat de Friezen altyd heech lein'; ‚wiis': ‚*Wizens* mei jinsels is in minne eigenskip; Hjir mei wol Salomo's *wiisheit* by'; ‚gek': ‚Sneintojouns wist er syn *gekkens* gjin ein; Kom, kom, ik sei it mar út *gekheit*, hear!'; ‚lyk':

Lûk it seil net to heech, mar sjoch nei dyn (ge)*likens*; Frijheit, *lykheit* en broerskip wie de leuze fan de Frânske Revolúsje'; ‚beuzich': ‚Syn *beuzigens* fan aerd is elkenien bikend (= warberens); Ek as men âlder wurdt, moat men hwat *beuzichheit* hâlde, oars giet de kriich der út' (= wurk, pielen).

Dit lêste foarbyld bringt jin by de forskillen yn gâns in steal ôfliedingen mei ‚-ens' en ‚-heit' fan ienselde grounwurd, as dy lêsten ‚-ich' tafoege krije. Einliks kin men hjir better prate fan in apart funksionearjend efterheaksel ‚-ichheit', hwant de klienearjende bitsjutting fan dy foarmen is by in party opfallend.

B.g. ‚follens-follichheit': ‚Troch de *follens* fan de sek rûgele der hwat weet oer de flier; Dy greate stuollen jowe mar *follichheit* yn 'e keamer'; ‚minnens-minnichheit': ‚It wie net de *minnens* dy't de ierappels ûnytber makke, mar de froast; Alde beppe is tsjintwurdich wakker yn 'e *minnichheit*'; ‚swietens-swietichheit': ‚Dizze brij is goed fan *swietens*; Al dy *swietichheden* foar bern is min foar de tosken'. Mîn ofte mear forgelykbere forskillen bisteane ek tusken ‚mâllens' en ‚mallicheit', ‚flauwens' en ‚flauwichheit', ‚luijens' en ‚luijichheit', ‚frijens' en ‚frijichheit', ‚sleauwens' en ‚sleauwichheit', ‚sloffens' en ‚sloffichheit', ‚(mei) gauwens' en ‚(yn 'e) gauwichheit', ‚goedens' en ‚(yn 'e) goedichheit' e.o.

Konklúzje: beide efterheaksels hawwe yn it Frysk-fan-nou har boargerrjochten, soms wol en soms net bitsjuttingsûnderskiedend wurkjend by tapassing op ienselde grounwurd, mar gauris ek de iene de oare útslutend. By somlike skriuwers in pleit to fieren foar it drokker brûken fan foarmen mei ‚-heit' liket net oerstallich. Wolle wy fan sa'n ôflaet substantyf in meartal oanjaen, dan skewielt ‚-heit' ús mei ‚-heden', wylst har partner ‚-ens' it oer alle boegen sitte lit: in pluralis as ‚fortrietlikens-*en*' is nou ienkear ûnbisteanber, mar ‚fortrietlik*heden*' biheart ta it normale taelgebrûk.

84. DE FISK IS FARSK

Hwat âldere lêzers mei it grif noch tinke hoe'n klauwen hja destiids op 'e legere skoalle hawn hawwe mei it staverjen fan Ned. wurden dy't oan de ein skreaun wurde moasten mei *sch* en dan ynienen wer mei in *s*. It moast b.g. wêze ‚Hij komt hier dagelijk*s*', mar heden hitske, dan folge stéfêst ‚zijn dagelijk*sch* bezoek'. Dat dy dealske De Vries en Te Winkel harren it ûnderskie oantwinge woene tusken in bywurdlike útgong *-s* en in namwurdlike útgong *-sch* (en dat bûten alle reéle útspraek om) hiene hja as skoalbern net it measte, of leaver net it minste erch yn fansels. Hja hiene har jonge boppekeamers mar op 't skerp to setten om dit kunstke – hwant mear wie it net – ûnder 'e slach to krijen. Soms koe de man foar de klas eigenoanrette helptroepen to fjilde bringe en frege er: ‚Hoe is het in het Friesch?' En mei dizze ûnforwachtse bystân út eigen milieutael koene hja soms útfigelearje dat wurden as ‚visch, versch, Paschen, menschen, tusschen' mei *ch* moasten, omdat hja thús en op buorren seine fan ‚fisk, farsk, Peaske, minsken, tusken'. Net dat dit ezelsbrechje altyd hâldde. Hwant by wurden as ‚vergeefsch, frisch, forsch, mensch' en gâns oaren sieten hja frijhwat oantangele, omdat har Frysk dêr ‚forgees, fris, foars, mins' hie, dus sûnder *k* oan de ein.

Oan dizze lêste foarbylden is al op to meitsjen, dat it hjoeddeisk Frysk taelgebrûk